

[0202] TA IT FORSTEAN FAN DE ALDFRYSKE OARKONDEN6. *apendamre* ende *vandlemre*

Tiets, de widdou fan Saker Heringe, makket yn 1523 (O II 314) har testemint. Yn rigel 30 bigjint hja bern en bernsbern to bitinken, mar dêrfóár formakket hja legaten oan tsjerken en kleasters. It plak of leaver de beide plakken, dy't wy taljochtsje en emendearje sille, stean yn de neikommende oanhael, rigel 17 en folgjende: `ffoerd soe (bisprectse) dae twae biddena oerden to *Liourd* dae *preykers* en(de) dae *menrebroren* elck een jong kw to sielmissen en dae ore twae biddena oerden als *apendamre* (?) ende *vandlemre* (?) elck een enckel golden'. Sipma sette der al in fraechteken by; de oarkonde hat slim lit en is dêrom min to lêzen. Op syk nei de goede lêzing tinke wy by *apendamre* alderearst oan dy fan Appingedam, hwant it kleaster dêrre is yn Fryslân faker bitocht: O I 449.27 (1501) '*Aplerremedammers*'¹⁾, O I 518.40 (1506) '*Appingedammers* broren', Reg. fan Oanbring, útjefte Tjessinga²⁾ nû. 657 ûnder Pitsersbjirrum (fóár 1511) 'Hiervan gaet uuyt dat die priesters ende cloosters hebben van *Appedam* 2 fl.' en Reg. fan Oanbring³⁾ I 117 (û. Holwert) 'bet onss Vrouwen Cloosters in den Ilst 1 fl. ende dat Clooster *ten Dam* 1 fl.'

Yn it lêste gefal ha wy de opmerklike keppeling fan in Leaffrouwekleaster (Drylst) oan in Augustiner Hearremitekleaster (Appingedam), krekt sa as by '*vandlemre* ende *apendamre*', sa't wy sjen sille. Oer dat *apendamre* aenst neijer; it kin as slútpost by it ûndersyk fan *vandlemre* tsjinje.

Mar hoe mei *vandlemre*? Dêrfoar moatte wy it oer in oare boech smite. Der wurdt yn testeminten en sa gauris praet oer 4 bidden oerden, dus fjouwer biddeloarders, b.g. yn O I 232.43 (1472), O II 149.9 (1487), O II 244.12 (1510), O II 248.27 (1511), O II 327.18 (1525), O II 343.17 (= O III 45) (1529), O II 360.36 (1532) en O III 21.56 (1488); fierders Reg. fan Oanbring³⁾ I, side 91 (Ferwert) en 158 (Eanjum) en Reg. fan Oanbring, útjefte Tjessinga²⁾, nû's 922 a (Firdgum), 1124 (Winaem), 1129 (Winaem), 1411 (Hidaerd), 1466 (Menaem), 1517 (Menaem), 1518 (Menaem) en 1524 (Menaem). Neffens de literatuer⁴⁾

1) Hjir hat Sipma, mei rjocht, in oantekening by makke: „Hs. 'aple' met streep boven de l aan het eind van den regel". Wy fiele mear foar *Apelremedammers* of *Appelremedammers*, dat wer hwat in forknoffele foarm is by *Apendamers* of *Appendammers*. De stikjes *-re* (oan 'e ein fan 'e rigel) en *me-* (oan it bigjin fan de nije rigel yn de oarkonde) binne dan forstammere adjektyfútgongen, by it earste lid tocht en skreaun, mar dy't thús hearre oan 'e ein fan de hiele gearstalling, d.w.s. ien fan dy beide útgongen. Plaknammen op *-m* (meast *-um*) koene sawol *-er* (of *-re*, *-ra*) as *-me* (of *-ma*) krije by ôflieding ta adjektivysk gebrûk. Forlykje dêrta b.g. *Aelsima* (O I 325.19) njonken *Aelsumra* (O I 486.7, 519.8 en 10); *Waerkma* (O II 110.14), *Waerkumma* (O II 161.43), *Waldercomma* (O III 2.17), *Warkumma* (O III 36.4) njonken *Warkemmera* (O II 25.26). Offal fan de útgong *-um*, ear't de adjektyfútgong der oanhongen wurdt, sjogge wy by *Hemmelra* (O II 77 by 't segel) en *Hemmelra* (O III 25.16); *berger* market (Sn. Recesb. nû. 2697), *berger* torff (Sn. Recesb. nû. 2893) njonken *Birgema* (O II 315.8) en *Birghumma* (O II 165.18); hjoed-de-dei is it noch *Burgerheide* en net *Burgumerheide* yn dy omkriten. Mar by *Appendam* liket ôffal fan it gearstallende *-dam*, ear't *-re* of *-me* der oanhongen waerd, net folle eigenskip to hebben.

2) J. C. Tjessinga, *De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514*. I-V. Assen 1942-1954.

3) Register van den Aanbreng van 1511. I-IV. Leeuwarden (1879).

4) W. Nolet pr. en P.C. Boeren, *Kerkelijke Instellingen in de Middeleeuwen*. Amsterdam 1951, s. 425-438.

binne dat 1. de Minderbruorren of Franciscanen, 2. de Dominicanen of Prekers of Jakobinen, 3. de Karmeliten of ús Leaffrouwebruorren en 4. de Augustinen of Hearremiten. Yn guon oarkonden wurdt praet fan fiif biddeloorders, nammentlik yn O III 54.9 (1544) en O II 357.16 (1531) en ek yn Reg. fan Oanbring I, side 138 (Ealsum), mar dat litte wy der mar bûten ¹). Ta 1. hearden yn Ljouwert de Prekers of Dominicanen of Jakobinen (1245-1580) (en ek de Wite Nonnen fan 1509, stifte fan Hemma Odda zin), ta 2. hearden yn Ljouwert de Minderbruorren of dy fan Galilé (1459-1580) en yn Boalsert de Minderbruorren (± 1260-1561); fierders noch 9 kleasters mei skiere beginen (yn de Toelichting op de Kloosterkaart van Friesland, Leeuwarden 1945, Ljouwert *d* en 14, Boalsert *c*, Snits *b*, Warkum *a* en *b*, Bergum = 17, Oegekleaster == 24, Grienedyk = 34 en Ingwerd = 37 en ek it (oarspronklike) dûbelkleaster fan de tertiarissen fan Ealsum by Aldskou = 39. Ta 3. hearden mar twa: dy fan Wâldsein (1337-1580) en dy fan Drylst (1387-1580). En ta 4. hearden yn Fryslân allinne de (twivelige) Augustiner hearremiten fan Sleat (1472?-1479?) ²).

Nou wurdt yn O II 314.17-19 praet fan twa kear twa `bidden oerden'. Mei it earste span wurde bidoeld: 'dae preykers to Liourd' (rigel 18) en `dae menrebroren to Liourd' (rigel 18). Wy ha hjir dus út de beide earstneamde biddeloorders boppe elk ien kleaster, beide to Ljouwert. By it twadde span, `apendamre (?) ende vandlemre (?)' ha wy dus allinne mar mear de kar út: Karmeliten of Leaffrouwebruorren to *Wâldsein* en *Drylst* en (yn Fryslân) de Augustiner hearremiten to *Sleat* (mar fóár 1479?). Krije wy nou de foto fan de oarkonde der by, dan kin *vandl-* (hjr ôfbrutsen op 'e ein fan 'e rigel) *-emre* like goed as *vauds-* (ek hjir dus ôfbrutsen op 'e ein fan 'e rigel) *-einre* lêzen wurde ³). De *n* as *u*, de *l* as *s* en de *m* as *in*. Boppedat hat if ôfbrekken nei *vauds* foar *-einre* "wurdlik" frijwat mear eigenskip as nei *vandl-* en foar *-emre*. Fan de 4 biddeloorders ha wy nou 3 kleasters thúsbrocht. It fjirde kleaster, *apendamre* (?) moatte Augustiners wêze en dy wiene der op dat pas neffens de Toelichting op de Kloosterkaart van Friesland yn 1524 yn Fryslân net. Dy Toelichting praet op side 14 oer "plm. 1475-. . . ." en seit op side 21 : „Augustijner-Eremieten. Zeer waarschijnlijk hebben zij tussen 1472 en 1479 te SLOTEN een klooster gehad, waaromtrent heel weinig gegevens bestaan. De plaatsbepaling hebben wij aangegeven naar de mondelinge overlevering, dus onzeker."

De foto fan it stik is sa skier as in skylfisk, dat ik kin net útmeitsje hwat der stiet, mar de mannen fan it Ryksarchyf yn Fryslân seine, dat der hiel wol *apendamre* stean kin. As wy nou witte dat der yn Appingedam twa kleasters

1) Dêr sille foar 't neist net 5 (biddel)oorders, mar (de) 5 kleasters út de 3 biddeloorders, dy't der yn Fryslân wiene, mei bidoeld wêze. Dy 5 wiene dan (de frouljuskleasters waerden net meirekkene as der yn 't algemien oer de biddeloorders praet waard en likemin it kleaster Ealsum by Aldskou): de Dominikanen to *Ljouwert*, de Franciscanen to *Ljouwert* en *Boalsert* en de Karmeliten of Leaffrouwebruorren to *Wâldsein* en *Drylst*. De Augustiner hearremiten fan Sleat (1472?-1479?) telle net (mear) mei.

2) Toelichting op de Kloosterkaart van Friesland, Leeuwarden 1945, side 14 en 21.

3) De mannen fan it Ryksarchyf yn Fryslân, dy't wy fregen om ús lêzing oan it origineel to hifkjen, achten it ek mûglik dat der *vaudseinre* stiet, mei *w* dus en net mei *v*, mar dat soe der saeklik neat oan foroarje.

wiene, in *Augustiner* kleaster ¹⁾ en in *Franciskaner* ²⁾ of *Dominikaner* ³⁾ kleaster, dan moat de lêzing *apendamre* by Sipma wol goed wêze en kin it fraechteken fan Sipma forfalle. Yn O II 314.19 moat dérom *apendamre* (?) *ende vandlemre* (?) forbettere wurde ta: *Apendamre ende Vaudseinre* en beide moatte as nammen yn it register opnommen wurde.

De ryksarchivaris yn Fryslân, Dr. M.P. van Buijtenen, brocht ús nei oanlieding fan it boppesteande yn forbining mei pater A. de Meijer O.E.S.A. to Culemborg. Dy wie sa freonlik foar ús it neikommende artikel to skriuwen.

M. Oosterhout.

1) *Geschiedkundige Atlas van Nederland II*, 's-Gravenhage 1921, side 59.

M. Schoengen, *Monasticon Batavum II*, De Augustijner Orden, Amsterdam 1941, side 22.

2) Neffens *Geschiedkundige Atlas van Nederland II*, side 59, mar mei fraechteken.

3) Neffens *Monasticon Batavum II*, side 22.